

Eindexamen Fries havo 2005-I

havovwo.nl

■ Tekst 1 De regionale media, in lús yn 'e pels?

- “Dat byld” (r. 10)
- 3p 1 Om hokker byld giet it hjir en wat is de gongbere betsjutting fan dat byld? *Brûk net mear as 20 wurden.*
- 3p 2 ■ Wat is it ferbân tusken r. 1-2 (“Wa’t ea ... betsjut, luzen.”) en r. 2-4 (“Unbidige jekte ... dûs sette.”)?
- A in ferlykjend ferbân
 - B in konkludearjend ferbân
 - C in opsomjend ferbân
 - D in útlizzend ferbân
- 3p 3 ■ Wat is it ferbân tusken r. 2 (“Unbidige jekte.”), r. 2-3 (“Folders mei ... de GGD.”), r. 3 (“Kilo’s klean waskje.”) en r. 3-4 (“Unskuldige bern ... dûs sette.”)?
- A in ferlykjend ferbân
 - B in konkludearjend ferbân
 - C in opsomjend ferbân
 - D in útlizzend ferbân
- “Wêrom soe ... op priis stelle?” (r. 4-5)
- 4p 4 Neam twa redenen wêrom’t in himsels respekt earjend sjoernalist sa’n ferliking *net* op priis stelle moatte soe. Helje dyn antwurd út alinea 2. *Brûk net mear as 25 wurden.*
- Yn r. 8-10 (“In lús ... ek net.”) brûkt de skriuwer in moreel argumint en in feitlik argumint.
- 4p 5 Meitsje dat dúdlik. *Brûk net mear as 25 wurden.*
- Rigel 13-14 (“Minsken fan ... brike setten.”) is in ûnderdiel fan in opsomming.
- 3p 6 Sitearje de sin dêr’t dy opsomming mei begjint.
- 3p 7 Lis mei help fan it begryp engaazjemint út wat it ferskil is tusken ‘kritysk wêze’ yn alinea 3 en ‘kritysk wêze’ yn alinea 4. *Brûk net mear as 20 wurden.*
- 1 Neffens alinea 4 wol in provinsjaal sjoernalist beskôge wurde as in engazjearre sjoernalist.
- 2 Neffens alinea 4 wol in provinsjaal sjoernalist beskôge wurde as in echte sjoernalist.
- 3p 8 ■ Hokker bewearing(en) is/binne wier?
- A Allinne bewearing 1 is wier.
 - B Allinne bewearing 2 is wier.
 - C Beide bewearingen binne net wier.
 - D Beide bewearingen binne wier.
- “hy sjocht ... barren del” (r. 22-23)
- 3p 9 Helje út deselde alinea it tekstpart oan, dêr’t dy hâlding yn beskreaun wurdt.
- “hy sjocht ... barren del.” (r. 22-23)
- 3p 10 Helje út alinea 4 it sinpart oan, dêr’t dat mei oerienkomt.
- 1 De skriuwer fynt dat in sjoernalist kritysk wêze moat.
- 2 De skriuwer fynt dat in sjoernalist him nearne drok oer meitsje moat.
- 3p 11 ■ Hokker bewearing(en) is/binne wier?
- A Allinne bewearing 1 is wier.
 - B Allinne bewearing 2 is wier.
 - C Beide bewearingen binne net wier.
 - D Beide bewearingen binne wier.
- 4p 12 Hokker twa ferskillende foarmen fan krityk komme oan de oarder yn alinea 7? *Brûk net mear as 20 wurden.*

Eindexamen Fries havo 2005-I

havovwo.nl

- 3p **13** ■ Hoe faak biede de Fryske media ‘soppige reportaazjes oan dêr’t je skande fan sprekke kinne’ (r. 34-35)?
- A altyd
 - B faak
 - C hast noait
 - D noait
- 3p **14** □ Hawwe de Ljouwerter Krante en Omrop Fryslân in eigen identiteit? Motivearje dyn antwurd. *Brûk net mear as 10 wurden.*
- “Ornaris, is ... echt lestich.” (r. 43)
- 3p **15** □ Hat ‘lestich’ foar Verf hjir in positive of negative lading? Ljochtsje dyn antwurd ta en *brûk dêrby net mear as 20 wurden.*
- 3p **16** □ Kinne de sjoernalisten fan de Ljouwerter Krante en Omrop Fryslân altyd ûnôfhinklik wêze? Motivearje dyn antwurd. *Brûk net mear as 20 wurden.*
- 4p **17** □ Oer hokker twa saken heart neffens Verf in goede sjoernalist te beskikken?
- 3p **18** ■ Wat is it antwurd op de fraach yn r. 56 (“En de ... net skerp?”)?
- A De konkurrinsje hâldt allinne Omrop Fryslân skerp: as it nijs al yn de Ljouwerter Krante stien hat, dan komt it net mear foar de radio.
 - B De konkurrinsje hâldt allinne Omrop Fryslân skerp: de Ljouwerter Krante komt faak mei in berjocht oer itselde feit dêr’t Omrop Fryslân earder al oer berjochte.
 - C Ja, mar as it net slagget om as earste mei it nijs te kommen, litte Ljouwerter Krante en Omrop Fryslân it der fierder hielendal of hast hielendal by sitte.
 - D Nee: Ljouwerter Krante en Omrop Fryslân besykje beide net om as earste mei it nijs te kommen.
- 3p **19** ■ Wa wurde yn r. 65 bedoeld mei ‘men’?
- A de lêzers en harkers
 - B de lêzers, harkers en sjoernalisten
 - C de sjoernalisten
- 1 Tekst 1 hat as skriuwoel: yn omtinken jaan.
2 Tekst 1 hat as skriuwoel: oantrune.
- 3p **20** ■ Hokker bewearing(en) is/binne wier?
- A Allinne bewearing 1 is wier.
 - B Allinne bewearing 2 is wier.
 - C Beide bewearingen binne net wier.
 - D Beide bewearingen binne wier.
- 3p **21** □ Helje dat tekstpart oan, dêr’t Verf yn beskriuwt wat neffens him ynhâldlik de funksje wêze moat fan de sjoernalistyk.
- 3p **22** ■ Wat is de ‘toan’ fan tekst 1?
- A myld
 - B neutraal
 - C sarkastysk
 - D skerp

Tekst 2 De boer is syn status kwyt

- 23p **23** □ Meitsje in gearfetting fan de tekst en behelje dêryn it folgjende:
- de status fan de boer eartiids,
 - de omslach en de oarsaken en gefolgen dêrfan.
- Brûk net mear as 175 wurden.*